

## Moast dat no sa? Ik leau, sa moast it...

De figuer en de persoan fan Tony Feitsma bin ik tusken 1988 en 2009 stiltsjeswei better mei yn 'e kunde kommen. Ik hoech hjir net te sizzen, dat dy tiid fierstente koart wie, alhielendal foar sa'n kompleks minske as dat sy wie. Ik hie dat proses fan yn 'e kunde kommen graach noch in skoft fuortset, mar allinnich al it gat fan in lytse 40 jier tusken ús bertedagen makke dat fansels ûnmooglik. De fraach fan 'e redaksje fan 'Wittenskip en Beweging' wie ik dan ek bliid mei, omdat dy my de kâns joech (of it ekskús) om my in skoftke serieuus yn har libben en tinken te ferdjipjen. Meskien noch wol blider bin ik mei de fraach fan dit postume freoneboek. Fansels hat it gjin doel om in ferstoarne in brief te skriuwen, alteast: ik leau net dat dy persoan fan it briefskriuwen wat fernimt of te witten komt wat men te sizzen hat. Heechút kin it skriuwproses terapeutysk wêze foar de briefskriuwer, mar sa wie ús relaasje no ek wer net. Wêrom't ik dochs meidoch? Ik tink, omdat it my de kâns jout om op persoanlike wize en tagelyk yn it iepenbier myn wurdearring fan en fragen by har krewearjen út te sprekken. Persoanlik en iepenbier: wat oars dus as mei in echt brief. Mar de ynfloed fan Tony Feitsma hat meskien wol ien fan 'e belangrykste krêften binnen de Fryske Beweging west fan 'e tweintichste ieu, en yn alle gefallen yn 'e frisytyk. Dy ynfloed komt men net allinnich fia publikaasjes op it spoar, men moat dêr minsken gewoan nei freegje. Dat ik bin bliid, dat ik frege wurden bin. En dêrneist jout it ek in lytse morele foldwaning, sil ik mar sizze, om noch in kear bylâns te gean wat oars moatten hie en wat men wurdearre hat. Dêr komt it yn it echte libben altyd net oan ta. Dat, koe ik Tony no noch ien kear wat sizze, dan soe dat sa sawat wêze.

Bêste Tony,

Neffens my hawwe wy elkoar foar 't earst troffen by de útrikking fan de Joast Halbertsma-priis yn 1988, yn Grou. Ik wie dêrhinne as skriuwer fan de Federaasje. Ik moat earlik sizze, it gie my allegear fier boppe de pet. De iepentlike konfrontaasje fan deputearre Liemburg is my folslein foarbyggen, en ik begriep net wêr't de lju nei ôfrin allegear sa'n drokte om makken. Mar hawar, doe hawwe wy fûstke, en do hast - jo hawwe, wie it doe noch - myn lokwinken minlik yn ûntfangst nommen.

De folgjende kear soe ik sa net witte. Wy sille wolris yn 'e selde seal sitten hawwe of elkoar út 'e flecht wei moete, mar praten hawwe wy earst by myn witten net. By in tafallige moeting op 'e Provinsjale Bibleteek haw ik sein, dat ik my wol graach abonnearje woe op Fryx. Dêr makkest' doe net folle fan, mar mooglik wie it blêd ek al yn 't neigean of wie it lêste nûmer sels al ferskynd. Ik haw dat wolris wat oer my, om my by klubs of tydskriften te jaan, dy't rillegau dêrnei ophâlde fan bestean.

Dat feroare, doe't ik ta myn eigen fernuvering foarsitter waard fan 'e Ried fan de Fryske Beweging. Dat wie yn 'e maitiid fan 1993. Oardel jier letter krigen wy foargoed meiinoar te krijen, doe't Deputearre Steaten betocht hiene om de Fryske Akademy in yngripende besuniging op te lizzen. Wêr en wannear krekt heucht my net mear, mar do naamst it foartou yn in aksje (no wit ik: net foar it earst) om in protestadvertinsje yn 'e krante te pleatsen mei de nammen derûnder fan safolle mooglik, ferjou my it wurd, pommeranten.

Dat is slagge: de advertinsje kaam deryn op 11 novimber 1994. Lykwols, de deis dêrfoar krige ik in brief fan dy, it begjin fan in koarte briefwiksel, dy't foar my oanlieding wie om dy út te noegjen in kear by my thús te iten te kommen, en fan oangesicht ta oangesicht te praten. Dat is bard op sneintejûn 27 novimber.

Underwerp fan ús koarte korrespondinsje en it oanslutend petear wie de gong fan saken mei de aksje foar de Akademy dy't laat hie ta de advertinsje. Dat hie dy net goed foldien, en my ek net. It hie in hûdfol wurk west, it moast allegear op haren en snaren (nei alle gedachten om pleatsing yn it wykein foar de oanbelangjende sitting fan Provinsjale Steaten te heljen, mar dat wit ik net krekt mear), en it oparbeidzjen ferrûn net hiel glêd. Nee, yndied net. Do sochst de oarsaken dêrfan yn myn 'maklike' opfetting fan sa'n aksje, en in 'autoritêre en burokratyske hâlding'. Boppedat hiest' it gefoel datst' by my 'troch in barrière

hinne brekke moast'.

Yndied, dat gefoel hie ik ek. Allinnich, ik siet oan 'e oare kant fan dy barriêre, en ik hie it gefoel dat der it hiele skoft in swiere druk op my útoefene waard. Dat wie net allinnich tiidsdruk, dat wie ek Tony-druk. Ik wit net oft ik burokratysk en autoritêr bin, mar ik wit wol dat in foarsitter fan in klub de plicht hat om te soargjen dat mienskiplik nommen besluten ek útfierd wurde op 'e wize sa't besletten is. Elk persoanlik inisjatyf of nij ynsjoch sil him dêr dochs rekkenskip fan jaan moatte. En dy druk wie der yndied. Do mistest by my 'wat gewoan minsklik respekt'. Ik miste by dy de foarfaze fan elke mienskiplike aksje: eefkes stilstean (letterlik!) by de fraach: is elk derfoar dat wy it sa dogge, of moat it oars? En dan elk ek de gelegenheid jaan om dêr wat oer te sizzen.

Wy kamen yn dat petear net neier tainoar, mar it waard ek gjin deilis. Oftsto myn inisjatyf al of net wurdearre hast, is my net dúdlik wurden. Nei in ôfslutend bakje kofje (it kin ek tee west hawwe) giesto stean en rûnsto fuort. Dochs leau ik - of eins moat ik skriuwe fan 'hoopje ik' - dat wy dy jûns ek wat mienskipliks byinoar weromfûn hawwe. De reeëns om saaklik te diskusjearjen mar jins ein fuort net slûpe te litten. Nijsgjirrigens nei minder bekende feiten, fiten, feinten en fammen út 'e bûnte skiednis fan 'e Fryske Beweging. En niget oan folkstaal. Ik sjoch noch hoe'tsto de meneuvels fan jim beppe neidiest, as se in nudle of sokssawat falle litten hie en dy sûnder brul op sterkte fansels net wer fine koe: "Hjir oansje moat it lizze." In lyts tenielstik om dat iene skitterjende wurd 'oansje'.

Dêrnei en faaks ek wol dêrfoar hawwe wy elkoar sa út en troch wolris wat yn 't hier sitten. Us klam as jong Riedsbestjoer op byldfoarming en public relations hast' gauris de gek mei hân. En ik wit in lyts bytsje, tink ik, wat Johanneke Liemburg hân hat yn dat bewuste tillefoantsje datsto sa ûngenedich útmolken hast yn Fryx. Ik haw ek ris de tillefoan oankrige, en hearde ien grânzgjen: 'Soa, dat ik begryp dat wy it yndertiid allegear ferkeard dien hawwe!' Ik wist net wa't ik derfoar hie, ik wist net wêr't it oer gie. Geandewei waard it my dúdlik: it wie in réaksje op myn (of ús) útspraak nei oanlieding fan de ferneamde Flaamske besiten oan Warns yn 'e jierren '90, dat de Fryske Beweging de lêste jierren no ek net de measte war dien hie om wat in knap en eigentiids byld fan himsels del te setten. En do wiest it. Ik begryp no hoe'n gelok oft it west hat, dat Fryx doe al net mear ferskynde.

Nammerste mear kaamsto my oer it mad mei in oar tillefoantsje, doe't ik al lang en breed yn Lollum wenne, mei it fersyk om foarsitter te wurden fan 'e op te rjochtsjen Feriening fan Wittenskiplike Brûkers fan 'e Provinsjale en Buma Biblioteek. Oft ik dochs in bettere yndruk efterlitten hie, of datsto oer dyn beswieren hinne stapt wiest, dat wit ik net. Beide haw 'k earlik sein gjin positive oanwizings foar. Mar ik wie der wol hiel bliid mei. Al wie it allinnich mar, omdat ik no mei Rindert Straatsma hear by it selekte selskip fan minsken dy't ea troch dy as foarsitter fan it ien of oar frege wurden binne. Bien étonné, sille wy mar sizze. Mar wy hawwe doe noch wol in moaie tiid hân, mei as skriuwer-ponghâlder Jan Bouma, in kollega-klassikus en boppedat troud mei in nicht fan ús mem. Do silst it ús net kweaôf nimme, dat wy nei dyn ferstjerren de feriening diskreet en stilswijend opdoekt hawwe.

Dat ik noch in pear kear by dy op besite komme koe yn Bornia Herne en ek nochris yn Grou, bin ik leau 'k noch it tankberst om. Wy hawwe doe gewoan wille hân om minsken en har eigenaardichheden. Eins is dat de basis, en moat dat ek it doel wêze, fan alle wittenskip en beweging. Wille om minsken en har eigenaardichheden. Ik bin bliid, dat wy dêr ek tegearre wat fan preaun hawwe.

*Liuwe H. Westra*